

ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o.

Snein, 13 juny 2010

Oan it begjin

Wat er was, zal er altijd
weer zijn, wat er is gedaan,
zal altijd weer worden
gedaan. Er is niets nieuws
onder de zon.
Prediker 1:9

Wy hearre fan 'e moarn nei
libbenslessen fan Preker:
"De keunst fan it libben",
útfierd troch it koar fan
Garyp. Mar foar't wy dat
dogge wurde wy
ferwolkomme troch de

âlderling fan tsjinst. Hja winsket ús allegearre in
segene tsjinst ta. Dêrnei sjonge wy as
yntochtsliet:

*Samar in dak boppe wat hollen,
doar dy't de stilte iepen docht.
Muorren fan hûd, noegjende stuollen,
finsters dy 't fierkje nei it ljocht.
Hûs mei in siel,
it tinkt en filt,
as wy de doar yngean
om rjocht foar God te stean.*



Nei de groet en
bemoediging is it
stil gebed en
wurdt it
drompelbea
útsprutsen.

Oan it wurd

Ds. Terlouw leit út dat Preker in libbenslêarar
wie. Hy besocht de minsken praktyske
libbenswiisheid en moreel besef by te bringen.
Yn it kommende healoare komt Preker sels oan
it wurd mei: "De keunst fan it libben". De
teksten binne fan Eppie Dam, wylst Hendrik van
der Meer tekene foar de muzyk. As gemeente
kinne wy de teksten dy't sein en songen wurde,
folgje oan de hân fan it boekje dat elkenien by
de doar meikrigen hat.

De Ferteller (Ettje Posthuma) begjint mei:

*Neat mei neat, seit de Preker
It libben is lucht, klearebare lucht,
like flechtich as in wolkje azem,
in damp dy't oplûkt en ferdwynt....*

It koar stimt hjir mei yn en sjongt it ferske:
"Neat mei neat, seit de Preker".

It lûd fan de Preker (ds. Terlouw):

*In minske wrot wat ôf ûnder de sinne.
It is oars net as geskrep.
En wêr docht er it foar?
De iene generaasje giet, de oare komt,
en de ierde feroaret
har der net om...*



Yn wikselwurking
tusken Ferteller, it lûd
fan Preker en it Koar

komme der tal fan wiisheden, fuortkom-mend út
ûnderfinings fan de Preker, foarby. Lykas de
lieten: Wat beskrep i seit de Preker, Foar elk ding
is in oere en de Bân fan leafde. Oan de ein seit
de Preker:

*Sjoch, dit bin ik gewaar wurden.
Ik foege it iene by it oare om it einbeslút te
finen
dêr't ik hertstochtlik om socht ha,
mar dat ik net benei komme koe.
Allinne ien ding ha ik murken:
God hat de minsken rjochtskepen makke,
mar sels moatte se altyd wat oars útfine.*

En de Ferteller seit eintsjebeslút:

*Dit wie de Preker syn einbeslút.
Hy hat net allinne sels in wiis man west,
hy woe ek, mei gâns wurden en spreuken,
de minsken ûnderrjochtsje*

yn 'e keunst fan it libben –
freegjendewei,
 iepen as in bern.



It koar sjongt
as lêste: "As
in bern yn 'e
wrâld".

Neiwurd

Ds. Terlouw
fettet gear dat
it neffens de

Preker giet om it genietsjen fan no. Ds. betrapet himsels der gauris op, dat der yn syn holle noch mei fan alderhande dingen dwaande is dy't al west ha: "En sa glipt my it "no" troch de fingers." In tal jierren ferlyn ferbleau hy om juny hinne in skoffke yn in kleaster. Dêr stie in grutte hage en op in middei begûn ien fan de muontsen de hage te knippen. En gjin spoar fan haast. Nei in oere moast der wat oars dwaan, hâlde mei de hage op en gie de folgjende dei wer fierder. Ds. sels skrept der dan tsjinoan om it wurk sa gau mooglik dien te krijen, de muonts net. Soks kin men oefenje. Besykje yn alle gefallen om ien of in pear kear deis alles los te litten, de eagen iepen, sa nedich in muzykje oan en libje yn it "no". Dat is libbenskeunst. Ds. slút ôf mei it gedicht Zomernacht van C.O. Jellema.
*Doe nu eens even die gedachten dicht van je.
Denk nu eens liever niet na over morgen.
Kijk niet steeds weer die bosrand van gisteren na, bramenplukker die je bent zoals vroeger maar nu. Maak even geen onderscheid tussen een wie en hoezo en de kans op wat anders.
Doe in je hoofd uit de lamp, hoor wat er is, ademt en ritselt, kwaakt in de kikkers.
Leef met je lichaam van nachtwind de koelte.
Geeuw je een gat in je hart en proef het zo rood als sap van bramen. Wees langzaam door vogels gezongen het wordende licht.*

Blommen

De blommen (makke troch Gina Turkstra)
geane hjoed as groet fan ús gemeente nei Ben Nauta, Tjitse de Boerstrjitte.

Tsjinst fan it dielen

1^e kollekte: Wrâlddiakonaat

2^e kollekte: Tsjerke

Dankgebed- voorbeden- stil gebed.

Slotliet

Wy sjonge mei
elkoar it liet: De
frede fan 'e
greiden.



*De frede fan de greiden wês oer dy,
de frede fan mar en lân.
De frede fan de loftten wês oer dy,
de frede fan waad en strân.
Djippe frede mei komme oer dy
mei Gods frede no groeie yn dy.*

Meiwurkers

Foargonger:

ds. Adri Terlouw uit
Deinum

Pianist:

Ate de Vries, Garyp

Koster:

Jannie Smids-de Jong

Alderling fan tsjinst:

Janny Veenstra

2^e âlderling:

Arie Dol

Diakens:

Wybren Jongbloed en
Hinke Meindersma

Meiwurkers oan De Keunst fan it libben:

- It koar fan Garyp, ûnder lieding fan dirigint Teake Posthuma;
- Ferteller: Ettje Posthuma
- It lûd fan de Preker: ds. Adri Terlouw
- In kombo mei:
 - Age de Vries, piano
 - Wytse Hospes, althoarn
 - Aafke Verbeek, dwersfluit
 - Elske Roorda, klarinet.